



Notulen ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE DOARPSBELANG EARNEWÂLD

Datum: 28 febrewaris 2025
Tiid: 20.00 oere
Lokaasje: Hotel Princenhof

1. Iepenjen en meidielings

Foarsitter Nico Tilstra iepent om fiif minuten nei 8 oere jûns de gearkomste. De seal sit grôftfol en hy kin de mûltsjes mar min ticht krije.

Bart Kamminga, bedriuwslieder fan hotel Princenhof, wurdt betanke foar de gastfrijheid.

Oanwêzich is it foltallige bestjoer, Nico Tilstra, foarsitter, Jacob Eelkema, ponghâlder, Heleen van Ree sikretaris, Atsje Bruinsma en Wietske Bruinsma as bysitters.

Age Kramer fan it CDA, en Sofie Kleinhuis foar PvdA/GL fan de gemeente Tytsjerksteradiel, Judith Veenje buertwurker by KEARN, Daniela Donker, doarpekoördinator.

In prachtich ferslach fan wat der it ôfrûne jier yn Earnewâld bard is, is der net mear. Sus Hollema, Tsjerkpaed 5 fersoarge dit ferslach oan Doarpsbelang jierren en jierren oanien, mar nei har ferstjerren wie der gjin ien dy't dit oppakt hat. De foarsitter freget om mear leden foar Doarpsbelang, it kostet € 8,00 per lidmaatskip. Dizze gearkomste is ornearre foar alle Earnewâldsters. Ynwenners fan Earnewâld en omkriten kinne lid wurde fan Doarpsbelang. Nije leden kinne harren oanmelde by it bestjoer of fia doarpsbelangearnewald@outlook.com.

Mear leden betsjut mear krêft as doarp as dit nedich is.

2. Ferslach ledegearkomste 1 maart 2024 troch Baukje skreaun, binne û.o. te lêzen west yn de ôfrûne Luzefeier (Jannewaris 2025 s. 13).

Dêrneist te downloaden fia dizze link: <https://tinyurl.com/DBE2024>

Der binne gjin fragen of opmerkings oer.

Hindrik Wester mist it dat it ferslach net mear ék noch hjir jûn foarlêzen wurdt, sa't dat eartiids gebrûklik wie.

Tiden feroarje en we binne digitaal wurden en dêrmei giet it eartiidse persoanlike derôf.

Oft wy altyd mei de tiid meigean moatte, litte we jûn yn't midden.

3. Finânsjes Doarpsbelang

Jierferslach en balâns 2024

Ferslach kaskommisje & beneamen nije kaskommisje

Fêststellen tariven 2025

Ponghâlder Jacob Eelkema docht ús mei help fan it byldskerm ferslach fan syn opmakke sifers.

Sjocht der fersoarge út en de kaskommisje René Janssen en Fonger de Vlas hawwe mei niget de boeken neisjoen. Desjarzje. Nij kaskommisjelid by Fonger de Vlas: Helene Klein.

De tariven foar 2025 wurde mei 2% ferhege (yndeksaasje). Kontribúsje per stimrjochtich lid € 8,00.

4. Bestjoerssaken

Gjin wikselingen. Nico Tilstra leit de leden út dat der no yn 2025 gjin bestjoerswiksel is, mar dat hy yn alle gefallen per 2026 syn foarsitterskip út hannen jout. Der wurdt in oprop dien foar in nij bestjoerslid foar takomd jier.

5. Stân fan saken ferskate ûnderwerpen

Nico Tilstra:

De ferbettering fan it Eilânsgrien mei de flechthichte sil plakfine nei't de bejaardewennings klear binne. De strjitfluorring sil fan betonklinkers makke wurde, de moaie gewoane klinkers binne te djoer. Dit ropt fragen op en der sil fierder oer praten wurde (de hiele strjitfluorring en oanklaaiing yn- en om it doarp en net allinne prate oer It Eilânsgrien)

Der binne wol ferskate fragen oer It Eilânsgrien (Boukje de Boer en Helene en Gjalt, Sietse Bruinsma).

De doarpsfysje seit dat we mear 'gearhing' yn it doarp kreëare wolle, mei bestrjitting, ferljochting ensfh. Hoe't de gemeente it yn'e holle hat mei It Eilânsgrien strookt net mei de fysje.

Hjiroer foegje Helene de Haan-Klein en Gjalt H. Wester, René en Sietse harren by de wurkgroep dy't oer de ynrjochting fan Earnewâld giet. Sietse Bruinsma jout oan dat hy fynt as de gemeente it doarp útnûget, sy wol in brede útnûging dwaan moatte, net allinne bygelyks mei It Eilânsgrien.

Atsje Bruinsma sit yn de wurkgroep **Herinriching Pizelplak tot centrale ontmoetingsplek**. De Oranjeferiening is hjir al mei dwaande. Mar Atsje jout oan dat sy as ôffurdige fan Doarpsbelang wol graach oanheakje wol en op de hichte bliuwe wol fan saken dy't besprutsen wurde.

Wenningbou Mindertsfean (Jacob Eelkema) Eins gjin feroarings te melden, it komt goed. Nico jout oan dat fanwegen de stikstofregels dy't oeral hantearre wurde, dit foar it gefal fan nijbou Mindertsfean ek noch wol swierrichheden jaan kin.

Bejaardenwennings: De fundearing foar de nije wennings oan It Eilânsgrien is stoarten hjoed. It waar waret mei. De Wiidpleats leit der suterich hinne oan de oare kant fan It Wiid. Tsjin de plannen fan Zwanenburg Projecten (10 maart 2023) rinne beswieren oant de Ried fan Steat.

Parkearen en ferkear (Nico Tilstra)

Hylkje Bruinsma docht in opmerking dat der in bettere oanwizing komme moat/komme moatte soe foar de minsken dy't fan it hotel Princenhof komme en it doarp útride. It is in terjochte en goede opmerking en Doarpsbelang nimt dit mei yn it oerlis mei de gemeente Tytsjerksteradiel. Se dwale fan It Eilânsgrien oer it parkearterrein en werom net wittende wêrhinne. In dúdlik boerd mei ferwizing dat men fia de Wiidswai it doarp út moat, soe hjir ferbettering yn bringe.

Ontwikkelingen organisatie NP (Nico Tilstra)

Der hat in kultueromslach plakfûn yn It Oerlis Orgaan en wy kinne no mei 5 minsken beslissingen nimme. Der kin no in diskúsje op gong komme en wy kinne begjinne mei mear ynspraak. Der binne goede kontakten mei it doarp Grou en ek mei de wethâlders. Hoopfol.

6. Takomstfisy Earnewâld (Wietske Bruinsma/Nico Tilstra)

Der leit in moaie fisy Earnewâld Brûzjend Griem Feanparadys. We binne der posityf oer. Noch altiten binne der mear frijwilligers noch nedich, bûten de 50 minsken dy't de soarch dien ha foar wat der no leit. Om de fysje te réalisearjen is in útfieringsprogramma makke mei projekten dêr't frijwilligers foar frege wurde. Eltsenien kin him/har hjir foar oanmelde.

7. "Earnewâld bloeit" (Wietske Bruinsma)

Sofie Kleinhuis fertelt oer it inisjatyf Earnewâld Bloeit, dêr't in oantal froulju dwaande geane mei blommen en bloei. Der ha harsenskrabjûnen west, binne plannen foar spûketochten makke, der is in bloeiwike 28/9-5/10/2025 ynfierd en 10 maart oansteande hat men gearkomste yn de Doarpskeamer.

8. Ferslach doarpskeamer (Heleen van de Ree)

Heleen docht ferslach fan de Doarpskeamer aktiviteiten yn 2024. In soad minsken hawwe der gebrûk fan makke. Der moat noch wol wat jild by, ferlies €2340,00, mar dêr meitsje se harren gjin soargen om. De Doarpskeamer is de simmermoannen sluten. Der binne fêste frijwilligers dy't de saken poerbêst regelje. Yn it bysûnder is it iten meiinoar in grut sukses.

Hjir sykje se noch wol wat nije itensieders foar.

9. Ferslach/jierfergadering fan de Oranjeferieniging

Gjalt H. Wester nimt even koart en krêftich it wurd om mei byldskerm de aktiviteiten mei de dêrby kommende jildstromen te ferklearjen. In lyts ferlies € 5111,36 sil de kommende feestfreugde(n) net yn de wei sitte.

10. Omfregjen

Hindrik Wester nûget de minsken út foar de oansteande begraffenisgearkomste yn de Doarpskeamer op moandeitejûn om 20.00 oere.

René Janssen wol fertelle dat hy mei in oantal enthûsjaste minsken al soarge hat foar de moaie ferljochting yn it doarp. Der is in € 500,00 ûntfongen fan Doarpsbelang en dêr hawwe se de dûnkere dagen fjn mei yn it ljocht sette kinnen.

Lamina Westerdyk wol posityf nijs dwaan troch de meidieling dat it tuskendykje Eilânsgrien sa moai wurden is.

Doarpskoördinator Daniëlle Donker wol witte litte dat der in soad regelingen en finansjele mooglikheden by de gemeente binne foar de doarpsbewenners en dy't soms net bekend binne. Ynfo hjirfan leit yn de Doarpskeamer.

Jan Wester seit dat it ferkear op de dei fan de Bradery fêst sit, dit kin echt net.

TBE organiseart dit en hjir sil oer praat wurde mei TBE (Toeristen Bureau Earnewâld).

11. Sluten fan dizze jiergearkomste is om fiif minuten nei njoggenen.

Elts is bypraat en mei no sels de tiid en mooglikheid ta (by)prâten dwaan en dêr wurdt, ûnder it genot fan dat drankje, tige gebrûk fan makke.

Dit lêste- soe men sizze kinne- is ek in grut Doarpsbelang.

Bestjoer fan Doarpsbelang Earnewâld

Nico Tilstra, Heleen van der Ree, Jacob Eelkema, Atsje Bruinsma en Wietske Bruinsma

Opmakke troch skriuwer op dizze jûn,

Baukje Siderius

28 febrewaris 2025